

Beäntwurding skriftlike fragen artikel 47 Reglemint fan Oarder

Skaaimerik fan de fraach	: 22-18
Datum yntsjinjen fraach	: 18 july 2022
Namme fraachsteller	: Dhr. WB. Veenstra yn oparbeidzjen mei dhr. A.D. Bouma
Portefúlgehâlder	: Dhr. S.W. Vegelin
Amtner	: Dhr. E.J. de Boer
Datum akkoart kolleezje	: 6-9-2022
Saak- en stiknûmer	: Z2022-02937 /S2022-14860

Underwerp

Swerfstiennen Âlde Dyk Koatstertille

Op 18 july 2022 hat de FNP-fraksje skriftlike fragen steld oer: Swerfstiennen Âlde Dyk Koatstertille. Hjirûnder fine jo de fragen en de reaksje dêrop fan it kolleezje:

Ynlieding

Foarige wike binne der yn de berms fan de Âlde Dyk tusken Bûtenpost en Koatstertille swerfstiennen dellein. Dizze stiennen ha in soad reaksje en ûnfrede oproppen by de ynwenners fan Achtkarspelen. Dat der wat barre moat is ús dúdlik, mar oer de útfiering fan dit beslút ha wy in pear fragen:

1. Is it kolleezje it mei ús iens dat de oplossing dy't keazen is, yn it earste begjinsel, gefaarlik is?
2. Is it kolleezje it mei ús iens dat wy gefaarlike situaasjes krekt tsjingeane moatte?
3. Kin it kolleezje ús fertelle hoe't it kin dat er foar dizze oplossing keazen is?
4. Kin it kolleezje ús fertelle wat dit mei-inoar koste hat?
5. Hat it kolleezje ek alternativen foar de problemen dy't op de Âlde Dyk spylje?
6. Is it kolleezje it mei ús iens dat foar de fytsers de djippe berms ek in grut gefaar binne? Jo sille der mar neist reitsje.

Reaksje kolleezje

1. It kolleezje is it dêr net mei iens. Der is socht om in maatregel dy't de ferkearsfeiligens foar fytsers op 'e Alde Dyk ferbetteret. Dat wie in taak dy't noch iepenstie út de evaluaasje fan de werynrjochting fan 'e Alde Dyk wei. It autoferkear brûkt de berm om fytsers of auto's yn te heljen. Troch de brede berms wurdt it autoferkear net twongen om stadiger te riden. It pleatsen fan swerfstiennen hie as doel om it ynheljen foar te kommen. Fanwege de komoasje is de kar makke om de stiennen fuort te heljen.
2. Ja, it kolleezje besiket altyd maatregels te nimmen om de ferkearsfeiligens te befoarderjen.
3. Ut de evaluaasje fan de Alde Dyk hat bliken dien dat de berms op meardere plakken brûkt wurde om fytsers of auto's yn te heljen. Om dat foar te kommen waard der earst tocht oan it plantsjen fan ekstra beammen. Dat is op guon plakken dien mar troch de kabels en liedings yn de grûn koe dat net oeral. Doe is der sjoen nei alternativen dy't yn it lânskip passe, dêrfandinne de swerfstiennen.
4. It hat in tal manoeren koste om de stiennen te pleatsen en dêrnei wer op te romjen. De gemeente hie de stiennen al yn eigendom.

Ried :
Punt :
Side : 2

5. It alternatyf foar de sitewaasje op 'e Alde Dyk is de 'knip'. De ried hat yndertiid de kar makke om de dyk yn te rjochtsjen sa't er der no hinne leit. De Alde Dyk, fan de krusing Nonnepaed/Miedwei ôf oant de brêge oer de Twizelerfeart wurdt yn it begjin fan 2023 werynrjochte mei meardere maatregels om de snelheid te beheinen.
6. Troch de ferkearsyntinsiteit en it passearjen fia de berm moat de gemeente de berms wer oanfolje mei freesafalt. Dat ûnderhâldswurk komt hieltyd werom en it kin foar fytsers gefaarlik wêze as sy yn it freesafalt telâne komme.

It kolleezje fan boargemaster en wethâlders fan Achtkarspelen,

sekretaris,

boargemaster,

dhr. mr. M.P. de Jong

dhr. mr. O.F. Brouwer